

De baas

út brocht op de LP/CD Frustraasjebloes

ik kaam ris op skoalle,	Am C
ik hie myn leske wol leard	D F
mar dochs moast ik de gong op,	Am C
want de leraar ferstie my ferkeard	F E7
ik moast doe nei de baas ta	Am C
en ik waard fan skoalle stjoerd	D F
ik woe earst noch wol protesteare	Am C
mar de baas sei mei syn machtich lûd:	F E7

<i>kearsang:</i>	<i>it is de baas dat de baas de baas is</i>	Am G
	<i>want sa hat it altyd west</i>	D E7
	<i>it is de baas dat de baas de baas is</i>	Am G
	<i>wat de baas docht is altyd best</i>	E7 Am

ik kaam doe yn it leger en dat like net sa gek
want fuort de alderearste middeis seach ik skele Pibe fan Minke ek
hy wie no wat heechs, luitenant, en ik sei: hoi Skele, hoe is't mei dyn wiif
mar hy fûn dat ynsubordinaasje en ik waard fuort ôfkeurd foar S-fiif

kearsang:

ik slagge doe oan wurk yn in grut fabryk
myn iene maat wie in turk en myn oare maat wie in gryk
mar it duorre net salang, it fabryk dat waard saneard
mesines dogge ús wurk no en de baas dy sei it sa geleard:

kearsang:

ik stean no op strjitte en hingje mar wat rûn
mar lokkich hat myn wyfke yn de stêd noch in aardich baantsje fûn
fan 'e middei kaam se thús mei harearste jild yn 'e bûs
ik sei: moai sa fanke, jou dat my mar,
want ik bin hjir dochs de baas yn 'e hûs!

kearsang: